

Jouke Jansma op FK fierljeppen paar uur ‘meneer de voorzitter’

Door Edwin Fischer

WINSUM - Slechts één dag per jaar loopt Jouke Jansma in een pak en met stropdas. Dat is traditioneel de tweede zaterdag van de maand augustus. Vanmiddag is de voorzitter van de stichting Winsum, de organisator van het Fries kampioenschap fierljeppen, dus weer een paar uur gastheer en derhalve in zijn kostuum te bewonderen. „Mar nei de offisjele priisútrikking yn it sânbêd gean ik hurd nei hûs en klaai my daalks om. Dan bin ik wer hiel snel Jouke en net mear ‘meneer de voorzitter’.

Het is Jouke Jansma ten voeten uit. Wars van opsmuk, gewoon een dorpeeling die toevallig voorzitter is van de fierljepstichting. Alhoewel dat ‘toevallig’ niet helemaal klopt. „Myn hûs stiet op it plak wêr’t froeger it sânbêd altyd wie. Ald-foarsitter Gerrit Hoekstra kaam eartiids, ik leau dat it ein ‘98 of begjin ‘99 wie, by my en sei ‘do kinst net oars as foarsitter wurde ast op sa’n plak wennest’.

Jansma hapte, als onbekende met de sport, niet direct toe. „Ik kom út de Stellingwerwen en hie dus neat mei it ljeppen. Ik ha doe earst in jier frijwilliger west. Mjitter by de wedstriden. De wichtichste reden wêrom ik nei dat seizoen fuort tasein ha, wie de ûnderlinge sfear tusken de ljeppers. Eltsenien helpt mekoar, it is altyd gesellich. Dêr woe ik wol tiid ynstekke.”

De meeste tijd is hij, samen met alle andere vrijwilligers die volgens Jansma overigens moeiteloos te krijgen zijn, kwijt aan het organiseren van het FK. „Al is it wol sa dat wy in draaiboek hawwe en ast dat folgest falt it allegear nochal in slagje ta.” Dat draaiboek was er overigens niet toen hij in 2000 als voorzitter begon.

„Dat draaiboek wie der al, mar siet yn de holle fan de minsken. Mar ik bin en bliuw in skoalmaster en ha it doe op papier setten. Wy ha it ek sa dat alle ferskate dingen troch yn elts gefal twa minsken regele wurde. Bygelyks de catering dogge twa froulju. Of de pr. Dêr sitte ek twa minsken op. Want it moat

net sa wêze dat as der ien net mear kin of wol, dat it dan yn it hûndert rint.” Zorgen maakt Jansma zich dan ook niet. „Wy sizze altyd dat wy alles yn ‘e hân hawwe, behalve it waar.”

Het slechte weer van de laatste tijd is wel van invloed op het zandbed, geeft Jansma toe. „Dat is in lyts probleem. It sânbêd leit der no hast tweintich jier yn. Dat betsjut dat it wat sneller hurd wurdt. Mar dêrom ha wy altyd de trekker mei de frees klearstean. De ljeppers kinne by de TC oanjaan of it te hurd is. Dan meitsje wy it fuort wer los.”

Voor het volgend jaar, als het vijftigste Fries kampioenschap gehouden wordt, moet er een nieuw zandbed liggen. „Wy wolle krekt sa’n sânbêd ha as yn It Heidenskip en Burgum. Mar dat kostet wol €5.000 en dat is foar ús in hiele protte. Wy ha dan it gelok dat wy elts jier in grutte wedstriid ha en dat wy neist in protte donateurs, trijekwart fan it doarp is dat en is grutsk dat wy it FK yn it doarp ha, ek sponsors ha. Dêrtroch kinne wy ús akkommodaasje op kampioenskipsnivo hâlde.”



Jouke Jansma:
„De poerbêste sfear tusken de ljeppers hat de trochslach jûn om foarsitter fan Winsum te wurden.”

Foto LC/Wietze Landman